

It kin dos net oars sizze, as det Jins stúdzje oer de Jongfryske kinst en kinstskôging mislearre is.

En wier dat alles mar — hwent hwa is noch nea hwet mislearre. Mar ik bin teffens ta it einbislút kommen, det Jo nolens volens in ein hinne op reis binne nei Jan fen 'e Gaestmar, en it moeit my om Jo.

Do'k Jins artikel út hie, hab ik lêzen yn Jins fersen. En ik hab de dichter field, dy sjongt fen syn wémoed en syn ljeafde, fen syn langstme en syn lok.

En ik bid Jo, Wybenga, nim Jy to wacht for de Hofpoëten: it sjongt dêr swier en falsk.

Det de rimers en roppers fen Fryslân dêr skûlje, it is to bigripen. Mar moatte Jo, dichter by Gods genede, dêr ek oanhâld siikje?

Et tu poëta?

Mei Fryske en frjeonegroetenis.

E. B. FOLKERTSMA.

GULEND FAMKE.

—o—

Ik kom al, ik kom al, myn bernke,
Och hie myn lyts famke it sa slim?
En moast hja sa moeilikjes skrieme
En rôp sa earmoedich oan mem?

Och moast se sa nedich hwet hawwe,
En hie se sa danich forlet?
En moaste hja dêrom sa krite
En hearde hjar memke hjar net?

Hwet trilje dy gûldrige wangkjes!
Kom herte oan myn herte sa nei.
Mem pakt hjar, 't lyts skatsje, 't lyts blomke
En tutet hjar trienkes wol wei.

A. M. Wybenga.

- En bitter frege: seingestû de sûnders,
En litst de frommen longerje nei rêst,
Rjuchtfeardig? Unfoege wurden spriek ik.
Forjow, myn God, by 't krús des Sillichmeitsers.
370. Do hat dyn ivge wiisheit 't hillichdom
My ynlaet, en myn siel hat húvere.
Ik seach des sûnders ein, do wist ik alles.
Dû setst him heech en jowst him rike dingen,
Det greatsk forgotten hwa 't him lette en sette,
375. Hy geane it paed fen d' ûngroun en de nacht.
Nou swij ik skamjend my; dû bist rjuchtfeardich.
Myn siele bidt dyn ivge wiisheit oan,
Ik leau in bern allyk, hwent rjuchtlik stiet
Dyn ivge wet oer sûnders en oer frommen. —
- — — — —

380. De wite wrâld streamt fol fen sinnefjûr,
Mar ljochter dreamt de siel, it ivge skôgjend.

D.

E. B. FOLKERTSMA.

Nei bêd ta.

Nou moat ús greate faem oan kant,
Kom, berntsje, op bedtsje tel!
Mem stoppet hjar, ien tútsje yet
En 't fanke jowt hjar del.

De lytse kriget hjar gerak
Hja sjucht noch efkes gleon,
Dêr wirdt se yn 't roeikjend naenke lein,
[Dêr sêft biwoelle en treaun.

Wy nimme ús miel en sizze tank
Oan God ús mylde Heit
Oan Him, Dy't wirk en rêst ús jowt
En ús Syn hoedzjen seit.

Wy lêze yn 't ivich-dûrjend wird
Fen 't mear den ierdske goed
By dei ús skaed, by nacht ús ljocht
Wy tankje en ha gjin noed.

It ljocht komt út, wy jowe ús del,
Yn 's Hearen hoede is 't skoan!
Der is in nacht, in neare nacht
Mar ek in blide moarn.

A. M. WYBENGA.

Yn ús eigen Tael



Tiidskrift fen it Christlik Selskip
for Fryske Tael- en Skriftekennisse



Fen triennen.

It wier in gouden maitiidsdei, do't hja trouwen. Heech en blink stie de sinne oan 'e blauwe himel en sêft en gol wyndere it sufterwierke oer 'e blossempracht fen parrebeam en hagetûke. Der lei oer 'e wide fjilden hwet fen 'e paradijskeinen en de jeuchlike minsken felden de blidens fen de rynske maitiidsljeafde. Laci net yn moekelûd en protterliet de djipte fen 't sêft forstean fen nije weelden? Hong net de ljurk yn 'e loft en fen 't nijbrûzjende libben, det de Skepper oan 't ierdryk biskern hie? En it miggegûd wier utlitten fen nocht yn hjar op-en-del biweech en de flinterkes dounsen en twirrelen it út.

Op 'e hege ryddyk kamen se oanrôljen, de tilbrys en glêzen weintsjes mei de gledde brûntsjes en swartsjes der foar. De sinnestrielen glinsteren op 'e rûtsjes, det se dy flikkering op tûzenderlei wize wjerspegelen.

O, it wier sa'n knap pear. Hy sa'n kante, feardige jongkeardel, byld fen sterkens en sounens, mei in oermoedige glânze yn syn dûnkerbrune eagen, en hja, kein as in maitiidsflinter, mei dy fine, blanke troanje, dy sêftreade kleur op 'e wangen, dy wûndere glânze yn 'e stilblauwe eagen.

En den dy feestlik-swarte klean, en de wite houliksblom yn 't knoopsgat.

Sa draken de reauwen as in swaerm greate fûgels oer de wyt-opjaende wei, dy't as in lange line twisken de griene greid-fjilden trochslingere. En rounom dreau as in wasem fen maitiids-nocht, sweevjende om 'e húskes, fier yn 't miedlân wei, weevjende oer de doarpkjes mei dy âlderwetske tsjerkjes en spitse toerren, dy't liken to langjen nei de himelske nocht.

* * *

Yn 'e seale gyng it fleurich om en ta. Under de spiegel dy't yn grien en blommen en krânsen forside wier, siet it jonge pear, det noflik glimkjend harke nei de goede winsken, dy't hjar meijown waerden. En dochs like de breid hwet ryklik stil, by't neffens men oars fen hjar wend wier. Mar det wier ommers to witen oan 'e drokke dagen dy't foarôf gien wiennen en de mânske bitsjuttens fen dizze dei, dy't hjar safolle heimigens fen kommende tiden wytge.

Op 'e joun, efkes út 'e feestseale wei, stie de breid by de efterdoar; de flearebeamblossemgeuren wasemen hjar tomiette, de dauweweagen leinen de swijende wijing oer 'e stille jounfjilden, de kij joegen hjar droamerich del yn 'e myldens fen 'e maitiidsnacht en fiere lûden forsêften de jountiidsstiltme. In jountoerre rinkele troch de earebôge, dy't it folk for it breidspear oprjuchte hie, dêr't se nou pas mei in linige swaai ûnder troch riden wiennen. En sprieken oan 'e hillige loft net de blanke stjirren fen reinens en suverens en fen gjin sûnde witten?

Fen reinens en suverens en 't fen gjin sûnde witten, en by dy tinzen gyng hjar in grille huvering oer 'e lea. O wier ek hjar trouwen mar rein bigoun en suver. Efkes gyngen hjar tinzen de baen fen 'e lêste wiken lâns tobek, en triennen, o sokke hjitte, triennen fen spyt kamen ûnder de dûnkere wynbrauwen wei. De bitterens forwronk dy fynbisniene troanje, en dêroerhinne gyng in aeklike laits.

Kom, nearne om tinke, hjoed is 't feest, de moaijens genietsje fen dizze goudene stounen! Der is ommers nimmen, dy't der aen fen hat!

As de breid hjar wer oan 'e side fen hjar brêgeman delset, liket hja wer deselde to wurden, dêr't de minsken hjar altiten

for kend hawwe, de dryste, op it wird bisleine, mar teffens heechsteatlike dochter fen boer Jelle Rinkema.

* * *

Dy simmer hâldden de jongeljue it salang mûlk forhoalen. Hy naem it him ek net sa nei, en dêrby de boerkerij naem in hiel stik fen syn tinken yn bislach.

Op in wietige hjerstjoun rieden boer Rinkema en syn frou nei de „Bûtenpleats" ta. It wier sa'n kâlde, skrouske motrein, dy't de beammen fol huverjende triennen dripkjen die en dy't sipeljend by de ruten fen 't glêzen weintsje deltrille. 't Like de boerinne ta dit de geskikte joun to wêzen. Hja hie al lang de praetsjes fen 'e minsken fonommen, mar yn 'e lêste tiden wier 't sa fel oanhoaze, hja woe nou wissichheit hawwe.

Near, hwet gulde de wyn troch de healneakene beammen, en dwaareljend stouden de brunige forheistere blêdden oer 'e kâlde kluten. En kâlde gjalpen gyngen de boerinne oer 'e lea. Wier, lyk de simmerprunk weilage waard, ek hjar hope op de reinens fen hjar iennichste dochter net weiraend? El wier der noch forwachting? Hja scoe it sa aenstons witte.

En kâld rôp it wêmoedige kleiliet fen 'e hjerst yn hjar siele in se fen tsjusterige forseinens op.

* * *

Hjar skoansoan kaem hjar yn 'e gang tomiette.

„Forjow ús, Mem, det wy it jim net earder sein hawwe," en der lae hwet oandwaenliks yn 'e oars sa flinke manljuesstim. Hy bigreep, it hege wird scoe der út moatte en 't wier better det hy it die, den det mem en dochter de earste wurden seinen.

„Bern, hwet haw jim ús oandien?"

Lang sieten mem en dochter dy joun by melkoar, do't de manljue hjar yn 't bûthús bijown hiene. O det wier oars as do't Sijke yette bern wier en hja hjar sa fortroulik yn 'e skimerjounen tsjin mem oanflaede.

En do't hja ôfskie namen, rôllen der spitige triennen fen biledige boeregreatskens oer 'e ynfallene wangen fen de steatige frou Rinkema.

* * *

„It giet nou tige bêst, lykwols in bytsje sûntsjes,” is 't biskie fen 'e pleechsister oan 'e bilangstellende freger dy't nou al in inkelde dei fen 'e âlders nei de „Bûtenpleats” stjûrd wurden wier. De âlde frou sels hie nou al gânsk in toarntsje omgammele, hja hie it hjar nei genôch nommen.

En it hie in pear dagen minachtich like, mar it wier mei de jonge mem oars tige goed ôfroun.

En hwet wier 't in ljeaf kopke det der yn 'e sêfte plom fen 't widske lei. Dyselde ljochtblauwe eachjes as syn mem, wier 't in jonkje mei sa'n sêft mollich lichempke. Syn mem wier oars wol lokkich mei de lytse boi. Hwet koenen dy lytse hantsjes en foetsjes yn biweging wêze, hwet koed er earmtlik skrieme, as 't syn tiid wer bigoun to wurden. O ja, it wier in lokkige skat, as dat iene it lok mar net oerskade hie.

En den kamen der wer tsjusterder riten.

Altiten ha 'k dy foar eagen, biwys fen ús fallen, tsjûge tsjin dyn heit en mem. As de maitiid oer 'e mieden sparkelt dochstû my tinken oan dy maitiid mei syn skeinde wille, — as de hjerstwyn troch de keale tûken klaget, tink ik oan dyn kommen yn oanklacht tsjin ús. En de minsken scille ús mei de finger neiwise. Ik sjuch hjar de hollen al by elkoar stekken, dy praetsjemaksters mei heal-útwrongene dweilen op 'e hoeken fen 'e stegen, ik fornim det gegysgob al: dêr ha jim dy greatske boerinne fen 'e „Bûtenpleats.”

En hja sloech de hannen foar de eagen, en wylde triennen fen tsjustere spitigens oer net to wjerheljen misse dieden sipelen hjar twisken de fingers troch.

* * *

Mar sâ koe 't dochs ek net langer. Scoe om dy sûnde fen de âlders it berntsje net dope wirde? Scoe it segel fen it Genade-forboun net op det blanke foarholtsje plante wirde? En de boer hie de dryste skoen oantein, en der earst mei dominy oer praet. Do hie er by de tsjerkerie wêst, de oermoedige glânze fen 'e donkerbrune eagen wier ta de sêftens fen it biroufolle bilune, en sa wier nou de Snein kommen, dy't hjar foar de preekstoel sjen scoe.

Der gyng in gerissel troch de rûmte, do't de doop-âlders nei foaren stoepen. Forskate seagen út 'e hichte del op 'e fâllen, inkel-den bûgden de holle yn it witten fen sels nei alle kwea oer to hingjen.

Der wier yn 'e lêste dagen hwet yn Sijke hjar siele omgien. De dominyswirden, hjar troch hjar man oerbrocht, wiernen djip yn hjar delsonken. En jimmerwei waerd it hjar klearder, det net it gefolch fen it kwea, mar de sûnde sels hjar ta birou to driuwen hie.

En nou, dêr stienen hja. As in stimme Gods klonken hjar de wurden fen Gods tsjinstfeint yn de earen. Det de sûnde hjar fen herten leed wier, det se de forjefnis inkeld en allinne by Jezus Christus to finen wisten, det se yn Gods krêft foartoan tsjin alle sûnden stride scoenen, — it wiernen djip ynsnijende fragen. Sêft trille it „ja” fen hjar lippen.

En waerme triennen fen birou, mei de earste risseling fen tankbrens oer forjown kwea trochmongen, sipelen út 'e ljochtblauwe eagen. Mar de ingels heinden dy suvere drippen op en leinen dy as glinsterjende pearls del foar Gods troane.

A. M. WYBENGA.

O, HIE IK WJUKKEN!

O, hie ik wjukken lyk myn tinnen,
Dy't rôdder as de rêdste swel
Niet 't fere Heitelân laek fleane,
Ik saeide mannich kearen del
Op 't ljeaflik stê, det mids de mieden
Leit op syn hege wier, en fier
Nêr den myn each wer skôgje kinne
Oer 't frije fjild, dêr't bûnt en blier,
De blommen bloeije yn griene greiden
En 't rêstich fê rint yn syn weiden!

O, hie ik wjukken lyk myn tinnen,
Ik siet wer, as de sinne sonk,
Oan sê, op 't eigen plakje, jouns
En seach ho moai it Westen blonk.
De roaze-rea omrânne wolkens
Hja toav'ren mei hjar gouden gloed
My wer yn 't ryk fen dream en frede
En 'k rêstte, ûntslein fen lêst en noed,
Oan d' igge fen it Heitelân
My djûrder as it ljeafste strân.

N.

W. VAN BEEM.

POEZIJE FEN A. WYBENGA

GESANG 198.

1.

De Heare is myn Hoeder:
Hy jowt it my bêst,
Hy bringt me yn 'e weide
Syn skiepke yn 'e greide,
Hy liedt me oan 'e wetters
Fen nûndrjende rêst.

2.

De Heare is myn Hoeder:
Hy stiet for myn siel
Hy hâldt me op 'e wegen
Fen daujende segen;
As 'k wrigje is Hy stipe
As 'k fâl, myn Skewiel.

3.

De Heare is myn Hoeder
Al driget it grêf,
Hy scil my forkwikke;
Scoe Dea my forskrikke,
Den scil my fortrestgje
Syn gongel en stêf.

4.

De Heare is myn Hoeder
Yn sân en woastyn.
Gjin toarst scil my twinge,
Gjin hûnger my kringe;
Hy scil my forsterkje
Mei brea en mei wyn.

5.

De Heare is myn Hoeder
Him wij ik myn siel;
'k Scil priizjend forkeare
Yn 't hûs fen myn Heare;
Syn ljeafde en Syn segen
Is ivich myn diel.

GESANG 4.

De Heare is God, oars nimmen ear
Yn himel noch op ierden;
Hwa is as aller skepslen Hear
Sa hearlik heech fen dieden?
De Heare is great, Syn namme great
De glânse fen Syn deugden great
Uneindich great Syn wêzen.

Hy is, bliuwt ivich dy't Er is
Al flechtsje tiid en stounen,
Hwa scoe Syn namme en heimenis
Peilje yn hjar djippe grounen?
Wy minsken binn' fen jister, wy,
Mar ear't it ierdryk wie, wie Hy
Hy wie foar al de hymlen.

In weldich fjûr, in glânsjend ljocht
Blinkt om Syn hege troane:
Sels d' ingels skrilje for det ljocht
Ho heech mei rang bikroane.
Der hymlen bôge omklamt Him net,
Gjin skepsel sjucht Him, inkeld met
Him 't skepsel yn Syn wirken.

Hwer wierne wy, hie net Syn macht
Us 't waermjend libben wekke?
Fen Him de hege himelpracht
En 't klee, hwermei we us dekke.
Hy Him is wiisheit en forstân,
Fen de eale sterkens fen syn hân
Sprekt se en ierde en himel.

Hy is, ho heech Hy wêze mei
Tichtoan alhwer we us foegje;
For Him is 't tsjuster ljochtskynde
't Scil fen us tinzen tsjûgje.
Syn each sjucht op us minskebern
Trochgrounet us en al us dwaen
Hwersanne ek wy us bergje.

Hwa bûten Jo, scoe for de fal
Dizze ierde, o God, bihoedzje?
Hwa bûten Jo dit great Hielal
Mei heilge earmen noedzje?
Jy sjugge op al Jins skeppingskinst,
Jy binne ûntfermjend, ryk yn ginst
For dy't as Heit Jo kenne.

Jy binne heilich, rjucht en goed,
By reinen woll' Jy wenje,
By, hwa't altroch mei ivrich moed
Jo, nei Jins wetten tsjinje.
By Jo, tsjin al ús leed en drok
Is de iivge saed fen freugde en lok
For sūndaersielen weljend.

Ef, scoe Jins glānse en Majesteit
My, sūndaer ek torane?
Né, nou't myn Jezus 't heil my seit
Gean 'k frij op wide bane;
Nou riizt myn liet: de Heare is great
De Hear is nea to sizzen great,
Uneindich great yn ljeafde!

DE JOUNSANG.

'k Mei Jo, myn God, myn tanksang wije
Jo priizgje nou't de jounklok let,
Al sinkt der sinne hearskippije,
Jy, 't ivich Ljocht, fortsjustrje net.
Jy hawwe yn golle ginst my hoede
Jy soargen tearder as in heit;
O mylde boarn fen 't suvre goede
Ho rynsk is hwet Jins wird my seit.

Jins trouwe soarch hat my biwarre,
Jy spiizgen my mei mylde hān,
My mocht Jins frjeonlik stypjen barre
Op reis troch 't ierdske ôfmêdzjend lân.
De jountiid noadicht op myn noeden
En soargen my ta sliep en rêst
Myn tank! Jy, dy't by 't moarntiid hoeden
Haw hiel de dei myn Helper west.

Tank, Himelheit, for hwet Jy joegen:
'k Fortsjinne fen Jins ginsten neat,
'k Haw djip en sūndich my misdroegen
Opstānnich tsjin Jins wet my keard.
Hwer scoe 'k my bergje, as Jy my dienen
Nei al myn sūnde en skuld en tsjoed?
Mar né, Jy dy't myn Skepper wiernen
Binne ek myn Heit om Jezus bloed.

Wol nou mei sēfte hān my dekke,
Hāld, Isrels Hoeder hāld de wacht!
Jow my, as Jy my soun wer wekke
To sjongen fen Jins ljocht en macht,
En mocht ik net op ierde ûntweitsje
Oan Jo bifeelje ik Hear, myn geast,
Lit foar Jins troan my 't lok den smeitsje
Det hjir myn sucht wie, hope en treast.

Ik wit oan Hwaen ik my bitrouwe
Al wintlje en wikalje ek nacht en dei,
Ik fiel it heil tsjin krūs en rouwe
Ik wit myn foet op wisse wei
Ea driuwt myn libbensjountiid hinne
Den riist de rêst nei 't ierdske fortriet,
Den sjong ik Jo myn Ljocht, myn Sinne
In heger sang, in reiner liet.

BIGRAFFENIS.

Yn skiere dize hūvre de ālde toer,
It hoantsje wier mei drōvich waes oertein,
In kâlde wasem dreau de fjilden oer
Troch toarre blēdden trille in stil gewein.

Wy stoepen trystich oan en near en drōf
As doarst ús foet net oer de strjitten gean;
Sa teagen wy om 't grēfoanwiizjend hōf
Wy stroefe mannen yn 'e swarte klean.

Dêr wier in wasem yn ús delsein each,
In himpne tins oan hjar, nou fen ús gien,
Dy't blier nei waermer oarden teach,
Nei lannen heech boppe alle dize en trien.

'k Hie yn 'e kiste sjoen, fen drôfnis slein...
Dât wier de grimefolle kening Dea!
'k Hie húvre, hie 't nin blom west, prûs en kein?
Ho wyt det wang alear sa roazerea.

Mar hja hie júcht fen 't blide heil yn Him,
Dy't stoar oan 't krús, en ús syn frede ûnthiet
En nou hjar naem nei 't nij Jeruzalim
Nei 't ljochtsjend lân fen blomte en hillich liet.

Dêr stienen we oan de kûle en wiet wier 't each,
En starich dreau de swarte kiste wei; —
Dêr blonk de sinne troch it dizereach
In tsjûge fen de bliere opstânningsdei.

DE SUNDARESSE.

Dêr komt hja sa skruten, yn tiizjend dwaen,
Hja doar hast nin each op dy Heilân slaen.

Mar 't herte sa longrjend en ljeavjende sa
Lûkt sterk om syn swakkens nei Jezus ta.

Mar hat se net sûnden op sûnden dien?
En is se gjin smadzige wegen gien?

Hja ljeavet biroufol! hjar lêst fordwoun,
Hjar sûnden binn' gânsk, — hjar 's gânsk forjown.

Dêr stiet se by Jezus mei lûd gewein,
Dêr wirde op Syn foetten hjar drippen lein.

Hja gjalpet Syn foetten mei skriemen wiet
Mei triennen yn 't each en yn 't herte in liet!

S' ûntbynt yn hjar ljeafde hjar flechteswier
En wyndret it wiete wer droech mei 't hier.

Dêr stamret se klamjend hjar hertebea,
En groetet Syn foet mei in sielepea.

De albastere flesse mei salve skoan
Driuwt wiereek mei ljeaflike geuren oan.

O riizje, sûndresse, fen lege groun
Dû ljeaveste gânsk, dy is gânsk forjown!

Yn frede gean hinne! bring 't roun de wrâld:
Dû founste yn dyn gouden gelove hâld.

MYN HERTE DAT TA JEZUS SUCHT.

Myn herte, det ta Jezus sucht
As leed en neare dagen stiigje,
As swarte en tsjoede wolkems driigje
Myn herte det op Jezus sjucht
Rapt oan myn Hear mei sielesucht.

Is net myn siele yn eangsten wei
As 'k net dy swiete Heilân skôgje?
Den moat ik swiere lêsten tûgje,
O, mannich tsjoede, tsjustre dei
Is de earme siele yn eangsten wei

Ik gyng myn eigen hultrich paed,
Hwer't wylde weelden weagjend wonken,
Dêr't slingerljochten leidich blonken,
Ik waerd fen tsjoede tochten laet,
En gyng myn hultrich, dynjend paed.

Mar nea net koe myn suchtsjend hert
Mei eigen fynsten him fornoegje,
Ik moat my ta myn Jezus foegje
Oars fiel ik nea de frede net
Yn 't lûsterlongrjend, smachtsjend hert.

Wêz op myn rin troch 't libben mei
O Jezus, Dy't myn Heilân binne.
O bliuw myn blanke sielesinne
En lied me op rjuchte ljochte wei
Wêz op myn rin troch 't libben mei.

DEUNE DAMP.

Nou bin 'k op 'e wrâld mei myn tinzen allinne,
Yn 't heimich moaiwaer fen 'e nachtprûze dei,
De mist slacht hjar staesjekleed swiid om my hinne
En wynt for it each fen 'e minsken my wei.

Hjir is my goekinder in peal yn 'e greiden,
In hingjende hikke en in planke oer 'e sleat,
In beamke yn 'e wâl del, hwet niigjende reiden,
En 'k fiel by dy frjeonen my iensum en great.

Der tsjantelje sékobben deun om my hinne,
In kloft wylde gies kwettert leech yn 'e loft,
In dizenich ljocht wiist it plak fen 'e sinne
De omfierrens biglânsger fen 't nei-oane skoft.

En rêstich en stil harkje gêrzen en krûden,
De damp driuwt ta drip, mei in raeike ta hâld;
't Is hoar oer de fjilden, binijd binn' de lûden
Dy't slurkje yn myn ear út in fier-frjemde wrâld.

Sa bin 'k yn myn lân mei myn tinzen allinne
Yn 't wijde moaiwaer fen de nachtprûze dei
En 'k fiel by der minskene dieden fendinne
Sa deun by Gods wûndere myldens my nei.

DE FROEDE JOUN IS HOEDZJEND KOMMEN.

De froede joun is hoedzjend kommen
En hat me yn sêfte earmen nommen,
En liet my, longrjend minskebern
De kleare sêddingdobbe sjen:
„Bûg del dyn holle yn nolke rêste,
Dyn brân mei yn myn drinken dwêste.”

Oer wide mieden driuwt de wille
Fen goudne sinneglânse oerstille,
En raei en blom op grienjend sté
Sûgt tankjend op dy golle fré,
En starich jowe yn 't waerme Westen
De blanke wolken hjar nei rêsten.

Yet fiel ik herte en hannen skodzjen
Fen wurk en died en skeinend bodzjen,
Hwent swyptjend naem de oerstjûre dei
Myn sêfte drôgetinzen wei, —
Nou jout de joun mei stiltme en dauwe
My swiete rêste en 't stil bitrouwe.

De froede joun is mymrjend kommen
En bringt me yn 't lân fen stille blommen,
En lit my, sûndich minskebern
De flerten fen 'e himel sjen,
En noeget my nei drok en lêsten
Yn Jezus earmen ryk to rêsten.

Sketskes fen Felse Greidema.

I. Eigen Kwea.

Alde Sijkmoi siet to skimerjounjen. It wier hjar sa noflik. Hja koe sokke tiden sa neitinke oer 'e forkeardens fen 'e wrâld. Hwet wier 't nou al in stik minder as yn 't foarige. It jongfolk, — nou it is langer in griis sa'n gepronk en gejacht. En fen 'e trouwen is ek in bulte forkeards tō sizzen, binammen fen 'e ljue mei bern,

hwet yn it stik fen opfieding binne hja langer sa slop; in hopen bern rinne suver for wyld om. En forskate ljue wierne der op út om hjar, Sijkmoi, min to meitsjen.

Dêr kaem dominy oan traepjen. De man hie yette net sa lang op dit plak stien, en dêrom woe er graech hwet mei syn gemeinteliden yn 'e kinde komme.

„Joun frou Gelsma, yette aerrich by de tiid?”

„For myn dwaen hiel aerrich dominy, ik haw alle reden ta tankbrens.”

„Det sizze jy goed, wy moatte der rekken mei hâlde det sounens en al hwet der mei gearhinget fen ús Himmelheit ús taskikt wirdt.”

Sa wol it praet hiel goed flotsje. Dominy dy't ek al sa'n bytsje fornommen hat, hwa't er hjir foar hat, wol graech yette hwet djipper op 'e saek yngaan. „En ho stiet it mei josels, frou Gelsma?”

„O dominy, ik bin sa'n greate sûndares” is it froede biskie.

„Ja,” seit dominy, „det hie 'k al fornommen.”

Mar det wier pûtsje it each út. „Hwa hat dêt sein?” rôp de âlde mei in forheftich lûd.

„Ik wit wol,” liet se der lilck op folgje, „det de bûrljue my graech by dominy swart meitsje wolle. Ik wiis hjar sa faken op hjar lekken en brekken, mar de minsken wolle gjin reden forstean. En nou moat ik sa biklâdde wirde!”

Dominy bleau der deselde ûnder. „Mar jy seinen ommers sels in greate sûndaresse to wêzen. Ik ha fornommen út Gods wird det alle minsken det binne. Is det miskien sa forkeard?”

It âld minske wist net ho't se hjar hâlde scoe. Det hie sa krek in greate misset west. Ja just, bidoelde dominy det så, den scoe se der neat fen sizze. „Mar dominy, det hienen jy niis ek wol hwet oars meitsje kinnen!”

„En ik scoe net witte hwerom ik it oars opnimme scillen hie,” sei dominy en hy tocht dêrby: op sa'n menear kin men yetris krekt to witten komme, hwet der yn 'e minsken sit.

Nei in hoartsje stapte dominy wer op, mei de wurden det wy for al ús kwea by Jezus forjefnis fine kinne.

Sijkmoi siet yet in hiel toarn yn 'e skimerjoun. Dos det siet

him net yn burman Wynsen lyk hja oars al daliks tocht hie, mar dominy hie det sa mar sein. Foi, hoe koe 't sa mâl! Hwet mocht dominy fen hjar forheftigens wol tinke?

Mar... en det bigoun ho langer ho swierder to weagen, hwet mocht de Heare yn 'e himel wol fen hjar swarte bipeinzings oardielje?

Stuch de kachel wier al útgien en hja hie 't net iendris opmirken. En speakjend stroffele de âlde nei de turfbak.

It wier dy nachts ienen-twaën ear't de sliep komme woe. Mar hja hie hwet leard en it goed yn hjar opnommen, ek, det men net mei de mûle yen for sûndaer útjaen scil, mar det it hertetaek wêze moat; den allinne scil men it net op in oar forhelje, honear yen it sûndaerwêzen foar de foetten smiten wirdt.

II. Skild.

It wier sa'n soarte bernefeest op it doarpke. In draeimounle stie op it skoalleplein, in pyjas wier der mei in piterturich Jan-klase spil en in stik-twa oaljekoekakreammen wierne der for de swietekau.

„Mem”, rôp lytse Gepke de moarns al ier-en-bittid, „mei 'k der hjoed ek hinne. Hja geane allegear, Syts en Luts, en Eke fen jelle Stiegenga giet der ek hinne.

„Ne ljea, det kin net, dou witst wol, dou moast nei Stinsum nei skoalle om't hjir gjin Christlike skoalle is, en nou meist net mei dy oaren nei de merke, det giet net op. Heit wol 't ek net heal lje.”

„Mar Heit is ommers hjoed de hiele dei foart. Dy wit det net sa krekt. Ik scil joun wol bittid wer thús wêze. Eke giet ommers ek al hinne, en Eke giet likegoed nei Stinsum nei skoalle ta as ik!”

En Gepke twong krekt salang det se hjar sin krige. Der wier hwet yn mem det tsjinaksele, mar och, moast men de bern den ek net in forssetsje ginne?

It gyng der dy deis fleurich om wei. By de kastlein hinge de flagge út, en ek in pear fen 'e oansjenlikste doarpsljue hiene de trijekleur ta 't soudersfinster útset. En de sinne skynde sa moai,

dy like wol meifeestje to wollen. Hwet hiene de bern in wille. Gepke dy't for hjar tsien jier lyts fen stik, mar tige foarlik fen forstân wier, hearde en seach in bulte nijs en naem det goed yn hjar op.

Op 'e joun bigounen de greateren mei to dwaen. In stikmannich feinten kamen ta de herberch út en oan hjar gesjong en geswaei to fornimmen, hiene hja der hwet brûkt, dêr't hja net better fen wurden wiennen.

En Gepke, lyts wiis ding as hja wier, hearde nei de praetsjes, dy't greateren forkoften en naem der hwet fen mei nei hûs ta. It hie yn det lytse hertsje hwet britsen, hwet moais, omdat it hwet ûnskildichs wier. En do't hja hjar gebetsje opsizze scoe, woe det net sa goed as oars, hja sei de wurden wol op, mar hja tocht der net by oan Jezus, dy't oars jouns hjar sa nei wêze koe.

Do't Heit dy jouns let mei syn karre thúskommen wier, hie 't earste in fraech nei lytse Gepke west. Der wier him ûnderweis al hwet fen trochdien, det de lytse faem nei it doarpsfeest west hie. Hy wier der net bliid mei, mar Mem sei: „moat men dy bern neat ginne?”

„Dou wist wol, ho't ik der oer tink, dêr't wy fen útgeane, moatte wy ek fen thúskomme. It moeit my tige.”

„En hwer hat Gepke jister sitten? Dochs net nei 't skoallefeest west?” frege master dy oare deis.

„Ik wier net al to goed,” sei Gepke en seach troch 't finster sa't like.

„Soa hwet miskearde der oan?”

„Ik hie sa'n danigen pine yn 'e holle.”

It gyng net alhielendal sûnder kleurjen, mar om't master Gepke as ien fen 'e beste learlingen koe, gyng de man der mar net fierder op yn.

Do't Gepke dy jouns wer op bêd laei, koe hja it gebetsje noch folle minder opsizze. Hja rabbele de wurden rêd op, en woe hja ljeafst mar gau deljaen. Mar ho goed hja oars ek sliepe koe, it woe mar net flotsje. De praetsjes dy't hja jister heard hie, gounzen hjar noch yn 'e earen, en al hie hja alles net bigrepen, der wiennen spottende en rare wurden yn hjar deltwongen, hiel oare, as Heit en Mem yn 'e hûs brûkten. En hjoed hie hja Master

tofoaren ljeagene, en de man hie 't leaud om't er Gepke oars sa goed fortroude. En dêrby, dy ljeagen scoe wol útkomme, wier't nou net, den letter. Hwet scoe Master, hwet scoe Heit sizze? Mar Mem hie hjar dochs frijdown?

Ja, Mem hie hjar frijdown, mar hja wist mar al to goed, ho't hja Mem det frij ôftwongen hie. Heit hie der net folle fen sein, mar hja hie wol opmirken, ho't dy der ûnder stie.

En al mear bigoun it lyts holtsje to bounzjen, en al hjitter en hjitter tocht se hjar.

„Mem!”

„Hwet is der oan, lytse faem?”

„Och Mem, ik kin' net yn 'e sliep komme!”

Mem stie foar 't bêd en seach nei de reade wankjes. Der blank hwet wyts op. En de eachjes seagen sa nuvere gril. Mem wier der forheard fen. „Hwet miskeart der oan, ljeave?”

En do kaem it der út, allegearre, ho't hja hjar net thús fied hie by de great-minske-praetsjes, ho't hja hjar net ta 't gebetsje hjaen kinnen hie, hwet se tsjin master sein hie, en ho't se nou hielendal it bidden net dwaen koe. Hwent Jezus, Dy't ommers alles wist, hie ek heard det se master tofoaren ljeagene hie.

Mem fêlde hjarsels like skildich as it bern. Hja moast wizer west ha. Hja hie tajown, dêr't forbieden plicht west hie. „O God, wêr my sundarasse genadich!” wier 't yn hjar herte, en mei triennen yn 'e eagen sei hja: „wy seille togearre bidde fanke!”

En do koe lytse Gepke hjar wer rêstich deljaen.

Heit wier dy oare moarns tige bliid, det der hwet spritsen hie yn 'e herten fen syn ljeaven. „Mar nou moat Gepke master ek utilize det se jister gjin wierheit sein hat,” sei er, „earder kin 't net goed wêze.”

Det wier for it fanke in hjitte pûkel en Eke fen Jelle Stegenga lake hjar in gnep stik út, mar it wier in stien fen 't herte, do't hja sein hie, hwet se net swije mochte. Master wier net likk mar hy sei allinnich: „Fanke, ik hoopje detst' der fen leard ha meiste.”

Mar ho goed as alles ek wer foar elkoar kommen wier, tiden oanien stiek der hwet yn it lytse fammen-berns-hertsje, det bliken die det de groede noch net alhielendal tichtlitsen wier.

Skelskes fen Fetse Greidema.

III. In glystrich paed.

„Dû witst oars wol, hwetst my mei ús trouwen biloofd haste. Lit det drinken dochs ljeaver alhielendal.”

„Och fanke, hwet woest prate? Hawwe de minsken my oait ûnbikwaem sjoen? Ik wit wol mjitte to hâlden.”

„Mar dû witst it yette wol fen dyn feintetiden. En ho is it mei jimme heit gien? Ik haw fen ús bernejierren ôf al fen dy hâlden, mar ik haw ek faek tocht: ik woe det it mar oars wier en det ik fen him ôfsjen koe. Mar dost' my sa earnstich taseiste, net wer yn 'e harberch komme to wollen, hat ek ús heit ta ús trouwen syn tastimming jown.”

„Mar Saske, gean ik den net trou mei dy nei tsjerke? En út 'e bibel kinst' my net biwize, det men noait in drip hawwe mei. Der is ek in Christlike frijheit. Alderling Steltenga hie 't der lêsten yet mei in hielûnhâlder oer, det men yen net ûnder it jok fen „reitsje net en smeitsje net en roer neat oan” bringe litte mei, en ik siz dy, de ûnthâlder hie op 't lêst net folle mear to sizzen.”

Sa riddenearren Tabe en it wiif yet in toarn mei elkoar en it eintsjebislút wier, det it wiif bilies jaen moast, al sei hjar herte ek det se gelyk hie. Och, hjar man wier oars sa'n flinke keardel, mar dy drank, det wier de different, it kwea-spoeksel op it paed, det Saske al mar foar eagen hie. Hie hjar heit hjar net faken forteld ho Tabe syn heit yn syn feintetiden krektaljk sa'n golle jonge west hie as Tabe nou? En hwet wier 't binaud mei âlde Jetse gien. Det wier al sa starichoan oanboaze. En salang Fabe der net alhielendal tsjinyn gyng, hie se in danigen noed, det it mei him deselde wei yetris opgean scoe. Mar ho gyng it yn 't doarp? Alle ljue namen op 'e tiid hjar sûpke, sels domeney koe him dêr net tsjin forklearje, en der wier gjinien, dy't der hwet fen oerkaem.

It hiele doarp stie op stelten. It wier hjoed dûbeld feest. Op 'e dei wier 't boelgûd yn 't stjêrhûs fen Pibe Waldman, in frjemde sneinsfeint, dy't alderhanne bjusterbaerlikheden by inoar slipt hie,

hwent it wier ek in rike skevel, en de joune wier 't forkeaping fen huzen en lân fen 'e pleats út 'e Miedpolder.

Der waerden yn Pibe syn skûrre in heap snedige setten omield oer al de muséum-artikels, dy't op 'e lappen kamen. Der kaem hwet langer hwet mear in luftich sin by de ljue, en de opropper dyng der sines ta, as er de âldheden yn 'e hichte hold. Ek Tabe koft in pear âlde stikken ark, dy't fiersten to djûr wiernen.

„Kom jonge,” kloppe syn âld frjeon Wiger Huitinga him op 't skouder, „wy moatte dyn keapstikken aenstons mar ris bidrinke, oars kinst' der noait goed mei torjuchte.

„k Wit net, it grapke is al djûrdernoch,” aksele Tabe tsjin.

„Nou 't is hjoed de hiele dei feest, dû giest joun dôchs ek nei de lânforkeaping. Witste hwet, lit det spiltsje by uzes bliuwe, den ha wy 't aenstons togearre noch efkes oan tiid.” En sa rekke Tabe mei.

Hja kamen yn 'e harberch, mar Tabe scoe oppasse. It wier him noch net forgotten hwet it wiif sein hie. En al pleage Wiger him in bytsje oer ûnder de pantoffel sitten, de joun waard mei in pear glêzen kwast ynset. Hied er him dêr mar by hâlden!

It wier in hearlike maitiidsjoun, do't it folk de harberge forliet. Oer 't fjild laei de ljeaflikste rêst, silveren wolkens glieden stilkes foar 't moantsje lâns en de glânzgjende stjerren seagen binijd nei de jong him optoaijende ierde.

In rûzich tropke folk kaem út 'e „Wite Swaen” setten. Stammerjende lûden klonken heas troch de jountiid en falsk opdroande strjittesangen galmen oer it gea. En mids yn it tropke hong Fabe. Gerben Sibes, de finehater, dy't by alles miette wist to hâlden hie him beet en formakke him ta de teannen út, det dy „dolarende keardel” sa'n skoane sneed yn 't ear hie. Jonge, dêr koed er moarn yetris fen opdisse. En Saske, dy't er net lije mocht om't hja yn hjar faemstiden noait mei him wollen hie, koe moai mei hjar dronken man opfrist wurde. Det wier twa miggen yn ien flap.

„Stil mar, wy scille dy wol thús bringe.” Mar do't hja op 't eintsje modderreed foar Tabe syn hûs wiernen, lieten syn maten him dôchs efkes los. Hy moast him yn 'e blabber hwet opkreaasje, waard der ornearre.

Dêr laei Tabe mids yn in djip weinspoar. Aeklik ho't er him

tjirge. Under de modder, de jas opskoerd en sûnder pet op 'e holle waard Tabe ta syn wente ynloadst. „Hjir is in lyts presintsje” rôp Gerben ta de doar yn, en dêrmei sakke it ploechje ôf.

Tabe, as bilidend lid, moast foar 'e tsjerkerie komme. Mar domeny hoegde net folle wurden to brûken om de fâllene fen syn kwea to oertsjûgjen. Hy wier der sels forslein genôch fen.

„O, it moeit my sa, it moeit my sa! Det ik soks myn tearhertich wyfke oandwaen doarst. O, hja hat der sa hwet ûnder to dwaen. Mar ik haw hjar biloofd, om noait, noait wer ien drip to nimmen. Ik haw nou sjoen hwer't it my ta bringe kin. Mar it aldermeast en djipst haw ik sûnden en swakkens yn dit stik fen saken sjoen. Ik freegje jim allegear for my to bidden det God my by myn bislút bliuwe litte wol en syn segen deroer jaen mei.”

Det wier for 'e tsjerkeriedsleden in pak fen 't herte. Hja wisten wol, det Tabe it graech mochte, it siet him einliks yn 'e bonken. En nou sà!

Domeny spriek de winsk en it bitrouwen út, det it fierders mei „broeder” Miedenga goed gean mochte, it moast de neist-oankommende Snein bikend makke wurde det in „broeder” him wol tobûten gien hie, mar det er ek biroufol weromkommen wier, en dêrmei koe Tabe wer ôfstekke.

Der waard net folle oer it gefal neipraet, mar elk-foar-de-oare fiede wol in stimme yn himsels, dy't der in bytsje forwyrt fen makke, det men sa'n swakke broer net it foarbyld jown hie, det nedich wier om sokken for de fâl to biwarjen.

In pear jier neitiid wier der in hielûnthâldersforiening op it doarp, Tabe Miedenga wier foarsitter en de âldste soan fen âlderling Steltinga naem it skriuwersbaentsje waer.

IV. Sisterke.

En nou laei it lyts kopke amper yn 'e wite lekkentsjes forside.

„Mem, Saepke wol ús lytse poppe ek graech ris sjen. Mei 't wol?”

„Nou, den moat se mar efkes komme, mar foaral net al to lûdroftich, hear.” Heit hastige om for mem biskie to jaen.

Bliid hippele Wypkje nei hjar kammeraetske ta, dy't op in distânsje ôf to wachtsjen stie, ho't it forsiik opnommen wurde scoe.

„'t Mei wol, hear!” en glânse boarte oer 'e beide famkes, dy't nou mei April tagelyk op skoalle kommen wierne.

Dêr kamen se oan, dimmen, foetsje foar foetsje. 't Wie sahwet frjemdeftichs, for Saepke binammen, dy't jongste bern yn 'e hûs wie, en boppedet hjar mem sa jong forlern hie, det se dy net iendris kend hie.

„Och, hwet in moai fyn kopke; hèn, de lytse eachjes forwegen al, scoe se ús wol sjen scille?”

En hwet binne dat noch lytse fingerkes!” en Saepke biseach hjar eigen hântsjes derneffens, „dêr kinne wy daliks noch net mei boartsje.”

„Né daliks noch net,” diich Wypkje great, mar mem hat sein, dat hâldde net sa'n lang set oan, den kin se ek al boartersgûd hawwe”. En de beide famkes ûnthjitten hjarselme, in hiele heap moai gûd for it sisterke biwarje to scillen, for lytse pjut, lyk heit geklikerwize sein hie.

„En dat is nou ús lytse poppe, en dy meije wy nou altyd hâlde, jubele Wypkje folle lûder as heit en mem en de „nije beppe” goed wie. 't Lytse ding liet der hjar op foarstean det hja en net Saepke-en-dy sa'n ljeave poppe krige hiene. Och hwet scoe hja der, mâl mei wêze, altyd, sei hja tsjin hjarselme, en fensels hja wie sa'n ein greater as lytse Pjukke, det scoe ek sa wol bliuwe, hja scoe op hjar passe, lyk as Saepke greatere sister fen hjar kammeraetske noed stie,

Mei it herte fol blide jubel stieken de boarterkes wer ôf.

Mei't der in foech trije fearnsjier forroun wie, wie Pjukke in echte wyldebras wurden. Hja siet net in tel stil yn hjar tafelstoel, woe ljeafst alle healûren in nij boartersding hawwe: it âlde waard wer ôfkotte en oan kant smiten. En glûpsk en ûndogensk as dy lytse eachjes glinsterje koene!

Fen 't stê komme koe se noch net, en safollesto slimmer stie it, honear hja hjar forfeelde, hwent it lytse kieltsje koe tige meidwaen. En as men hjar op 'e earm hie, wierne de lytse pakhânses oeral by. Forskate fen Wypkje hjar boartersspillen wierne al nei de rot-fot en noch altyd seagen de brune eachjes in hopen dingen, dêr't de lytse hânses net by komme koenen.

Wel né, dêr foel net oer hjar to kleijen, hja scoe hjar fiks

deljaen to sliepen, hja waerd hast nea gûlende wekker, 't wie meastal rjeauntsjendewei fen „eidle-deidle en ûke-bûke“. En den koe se hjar sa tsjin mem oanflaeije as dy de Pjukke pakte.

„Dêr komt Saepke oan, dy woe ha, wy scoenen nei Tsjaltsje-en-dy to boartsjen, o det giet sa moai, en sy hawwe dêr sa'n njuet geitsje!“ En Wypkje glimke troch it finster Saepke ta, dy't drôgjenderwize op Saepke-en-dy tasetten kaem. „Mem, myn hoedtsje en den gean 'k mei.“ Om't it Snjeonoerdei wie, wiernen de bern frij fen skoalle, en yn 't blide útsicht op de moaije boartersdei hastige Saepke by de lêste wurden, nei de doar ta.

„Né fanke, det giet nou daliks net, dou moatst in pear ûrkes op Pjukke passe, dy wirdt langer sa wyld as in kraei, en mem hat it drok hjoed.“

't Lyts prúlke hong frijhwet.... Hê hwet forfelend!

„Gietst mei Wyp?“ rôp Saepke troch 't finster.

„Né mem wol 't net lije.“ Nitelich kaem 't der út.

Lilk seach Wypkje Saepke efternei, dy't mei hjar ljocht hoedtsje op troch 't moai waer dounse. En hja moast thús bliuwe en op Pjukke passe, op Pjukke, dy't al safolle fen hjar moaije boartersgûd forskoerd hie. Den hie Saepke it mar in bulte noflik, dêr wie net in pop, dêr hoechde net oppast to wurden en neat waerd forgriemd.

En grimmitich seach se nei Pjukke, de heisterbaes, dêr't se altyd sa mâl mei en noait lilc op wêze scoe.

't Wie in reinige hjerstdei. Mismoedich dikan de famkes troch de ruten, it like der bûten neat nei boarterswaer. Hja scoenen hjoed de hiele dei wol yn 'e hûs sitte moatte, dêr wie gjin forwin op, hie heit sein. Nou hja koenen oars ek wol yn 'e hûs boartsje, sa net, mar der wiernen oare plannen rémakke, dy't nou net ta útfier brocht wurde koenen.

Mar it dûrre net lang, do wiernen hja al tige oan 't wylde-jeijen en Pjukke dy't yn 'e tafelstoel siet, kraeide it út. „Nou, ik moat der efkes út, goed op Pjukke passe det se gjin ûngemakken kriget,“ sei mem.

„Né mem, wy scille der wol om tinke“; och Wypkje hâldde noch wol fen Pjukke, al wie se wolris hwet ûnfordildich as se langer oppasse moast as 't mei hjar boarterssin oerien kaem. Mar

hjoed hie Pjukke it frijhwet bidoarn, hwent hja hie Wypkje hjar moaije pop mei de porsleinen kop yn 'e hânnen krije kinnen, en op 'e groun goaid, stikken fensels.

Pjukke makke alderhande gibeltsjes yn hjar tafelstoel. Mei 't kopke draeije, mei de hânkes omtiezje, it gyng der om wei. En skean nei de bern ta hingje, hwent hja moast goed opnimme ho't it wyldejeijen gyng, om it letter safollesto better to kinnen, sei hêit gauris.

Hja hong op in stuit sels tige skean, mar Wypkje woe earst dit potsje knikkertsjen dienmeitsje, ear't se nei de dogeneat tagyng.

Dêr wier 't al sa. In slach oer 't lyts kopke laei Pjukke oer 'e flier to sparteljen, en slim ho't se gûlde. Wypkje skeat der op ta, tagelyk mei mem, dy't just de doar ynkaem.

„Ho koenen jim nou ek sa?“ Forwyt trille yn memme lûd. „O mem it moet my sa“, snokkere Wypkje mei in triljend herte. Mar Saepke op in distânsje seach bidêst en sei neat, towylst der hwet yn hjar omgong, det hie se in great minske wêst, it bêste wer to jaen wêze scoe mei de wurden: dat wylde ding kriget lean nei wirken.

Dê't alles wer to stoel en to bank wie foel 't mei Pjukke yet hwet ta. En as jim nou witte wolle ef Wypkje foartoan altyd it boartsjen der for stean liet, om op hjar sisterke ta to sjen, den scoe ik jim det lykwols net fortelle doare.

Ut 'e striid om it Eigene.

Yn gjin lân fen Jerope hat it nasjonael idealisme sa'n omkear brocht as yn Denemarken. It heech peil fen 'e lânbou dêrre stiet yn nau forbân mei de idealen, dy't de boerestân neistribbet. De Deenske boeren hawwe alle war dien om in goed produkt, in koöperatyf bidriuw en in fêste ekonomyske posysje to krijen. Do't yn 1880 de koarnprizen tobekrounen troch de fûlbandige opkomst fen 'e Amerikaanske merk en it d'r min foarstie mei de bouboer, smieten de Denen hookstrooks it roer om, joegen de bou oer en leine hjar út op 'e melkerij. De lânboulearaer N. J. Fjord to

OANTINKEN.

Nou steane wy wer by de tille
 Allyk as nês mannich jier
 Do't gloede yn ús herte yet trille
 En jeuchlikens glimke blier.

Hjir stiene wy simmertidsjounen,
 Der kaem hast gjin ein oan 't praet
 Oer hwet wy wol seagen en scoenen
 Op 't hearlike takomstpaed.

Do wier in heech liet yet ús libben.
 En maitiid wier strieljend skoan
 Yn klanken ús wûnder bisibbe
 Yn bloeiende silvermoarn.

Dêr boarten ús blide idealen
 Mei frisse, mei sterke moed,
 Hja riizden as daujende galen
 Oer 't nochtfolle wytgjend hjoed.

Wy seinen eltsoarren de sangen
 Fen mieden en blom en reach,
 De prûzens fen fammene wangen,
 It ljocht fen hjar siikjend each.

Nou steane wy wer by de tille,
 Al hiene de tiden ús skaet
 Wy tinke mei de eigenste wille
 Oan 't âlde, jongbazich praet.

Ho eigen is 't wer om ús hinne,
 't Foech beamke yn 'e skeane wâl
 De weachjes yn jounjaende sinne,
 De blomkes op roeikerstâl.

Dû frjeon hast de dynjende wetters
 Fen stribjende witnis fearn,
 Ik doarst, — wier 't my folle betters? —
 De wei fen in kinstner gear.

En kinstû wol rêstich nou sitte?
 Hast' ein en útwizing foun? —
 Ik frjeon, och ik wol it wol witte,
 Wier lietleas mannige joun.

Mar steane wy wer by de tille
 Allyk as nês mannich jier
 Naem tiid ek ús bloeiende wille
 En leit yet de loksstêd fier,

Wy founen dôchs 't suvere libjen
 Yn Jezus Dy't nêst ús kaem
 En ús yn ús dream en stribjen
 Op seinjende earmen naem.

A. WYBENGA.

De brief fen 'e apostel Paulus oan 'e Filippensen.

HAEDSTIK I.

- 1 Paulus en Timotheüs, tsjinstfeinten fen Christus Jezus, oan alle heiligen yn Christus Jezus yn Filippi mei opsjenders en diakens:
- 2 genede sij jimme en frede fen God, ús Heit, en de Heare Jezus Christus.
- 3 Ik tank myn God, sa faken as ik oan jimme tink — hwent
- 4 iderkear by elts gebet, dat ik doch, bid ik for jimme allegearre
- 5 mei blydskip — fenwegen jimme mienskip oan it evangeelje
- 6 fen 'e earste dei ôf oant nou ta. Hwent ik bitrou, det Hy, dy't in goed wirk yn Jimme bigoun is, it folbringe scil oant de
- 7 dei fen Christus Jezus. It is dan ek myn plicht sa oer jimme allegearre to tinken, omdet ik jimme meiïnoar op it hert draech

'k Leau yn Jezus.

Ljeavlings-liet fen Ds. de Jonge.

'k Leau yn Jezus, dêrom sjong ik
Dêrom sjongt myn herte en moed
Fen ûntfermjien en forlossing
Yn dyn heilich, djûrljeaf bloed.
Dêrom sjong ik Jo, Dy't stjerrend
Al myn sûnden droech oan 't hout,
Laem Gods det de sûnden weinimt,
Laem dat frede en lok ús jowt.

'k Leau yn Jezus, dêrom heger
Heger as Kalvary's krús
Skôgje ik boppe loft en wolkens
Bliid nei 't ivich, sillich thús.
Dêr wit ik myn Hegeprêster
Dy't syn broerren nea forjit,
Dy't as Hear fen syn gemeente
For hjar by de Fader bidt.

'k Leau yn Jo, Dy't op dizze ierde
Tôgen mei de toarnekroan,
Mar Dy't nou mei eare kroane
Sitte op de iivge himeltroan.
Jo, foar hwaens trochflime foetten,
Is Jins oardielsdei op til,
Elk, hjirboppe, op ierde en d'r ûnder
Djip syn knibbel bûgje scil.

Ja, ik leau, en dêrom sjong ik,
Dêrom sjong ik ta Jins ear,
Jo myn Heilân, sillichmeiter
Aller hearen Haed en Hear!
Soan fen God en Soan des minsken
Spoedzje, o spoedzje ta Jins rom;
Kom op 's himels wolkens harren,
'k Wachtsje, o Heare Jezus, kom!

A. M. WYBENGA.